

*I Nyoman Darma Putra (2011)*  
A literary mirror. Balinese reflections on modernity  
and identity in the twentieth century

Leiden: KITLV

Rients Faber

Yn *It Beaken* nû. 1/2 fan 2008, temanûmer Kultuer en kultueroerdracht, hat de Balineeske letterkundige I Nyoman Darma Putra in artikel skreaun oer de Balineeske taal: *The Survival of the Balinese Language*. Nijsgjirrich ek foar ús is syn koartlyn ferskynde boek *A literary mirror. Balinese reflections on modernity and identity in the twentieth century*. Der sit in spanningsfjild yn de Balineeske wrâld, mei't dy mienskip yn in lytse hûndert jier tiid feroare is fan in frij sletten homogene kultuermienskip yn in iepen minderheidskultuer yn 'e republyk Yndonesië. Dat spanningsfjild fynt syn wjerslach yn de poëzij fan Balineeske dichters tusken 1920 en 2000. Opfallend is, dat dy dichters benammen publisearren yn it Maleisk en gau dêrnei al yn de Yndonesyske steatstaal.

Darma Putra syn boek is it earste Ingelsktalige boek dat wiidweidich ynformaasje jout oer de fisjy fan de Balineeske dichters op harren eigen kultuer en de krêften dêr't dy kultuer oan bleat stiet.

Foar Fryslân kinne wy parallellen sjen mei de âlde Fryske doarpsmienskippen dy't de lêste fyftich jier yn harren sosjaal-ekonomysk funksjonearjen yngripend feroare binne. Noch mear as yn Fryslân is der op Bali refleksje op de eigen identiteit yn in feroarjende wrâld.



*Jurjen van der Kooi (2011)*  
Myn herder is myn redder. Rym in Friesland / Frysk  
Folksrym. Een overzicht.

Groningen: Fries Instituut / Stichting FFYRUG

Frits van der Kuip (Fryske Akademy)

Dit is in tekstedyse fan in samling folksrymkes út Fryslân, besoarge en fan kommentaar foarsjoen troch de Grinzer folkskundige Jurjen van der Kooi. It boek hat, lykas de samling sei-sprekwurden dy't Van der Kooi ûnder de titel *Alle beetjes helpen. Nederlandse, Friese en Vlaamse wellerismen* yn 'e mande mei H.L. Cox yn 2007 útjûn hat, in ienfâldich foarkommen yn A4-formaat. It materiaal yn dizze edysje is in part fan in folle grutter korpus dat Van der Kooi sûnt 1970 oanlein hat. Neffens de auteur moat dat korpus net sjoen wurde as it risseltaat fan systematysk sammeljen, mar mear as it notearjen fan byrispingen by syn jierrenlange ûndersyk nei folksferhalen. It wurd 'byrispinge' komt jin wat beskieden oan, as men sjocht hoe grut en ryk oft de samling is. Op 348 bledsiden komme mear as 1900 ferskillende typen folksrymkes foarby, te begjinnen mei it widzeferske *Suze nane poppe* en te besluten mei *Uterút, myn sang is út, Ik kin net mear betinke*. Van der Kooi hat net allinne eardere samlingen út de 19<sup>de</sup> en 20<sup>ste</sup> ieu yn syn korpus ferwurke, mar ek materiaal út eigen ûndersyk en notysjes fan oare samlers dy't him yn 'e rin fan 'e jierren taskikt binne. Dat eigen ûndersyk hâlde it befreegjen fan ynformanten en it trochwrotten fan Fryske periodiken yn.

Under folksrymkes ferstiet Van der Kooi rymkes dy't optekene binne út de orale oerlevering. Mar it giet net allinne om rymkes dy't '(...) ontsproten zijn aan die ongreijpbare volksmond' (s. ix), mar ek om rymkes dy't út de skriftkultuer (almenakken, strjitlieten, ynskripsjes ensfh.) komme of it produkt binne fan faak anonime rimelders en dy't likegoed ûnder it folk yn swang binne of wiene. Syn útgongspunt is net it komôf fan de rymkes, mar de funksje en rol yn it mûnlinge ferkear. Hawwe se dêryn in plakje fûn, dan binne it foar Van der Kooi ek folksrymkes en dêrmei dy namme wurdich.

Omdat Fryslân in meartalige provinsje is en kwa folkskultuer net op in eilân leit, komme net allinne Frysktalige rymkes oan bod, mar ek rymkes yn it Nederlânsk, Stedfrysk, Nedersaksysk of in nei it Stedfrysk oerhingjende mingtaal. Dy net-Frysktalige rymkes binne net allinne yn net-Frysktalige gebieten oerlevere, mar ek yn folslein Frysktalige,

skriuwt Van der Kooi. Persoanlik moat ik fuortdaliks tinke oan it folgjende rymke dat ik thús om 1960 hinne as folslein Frysktalich bern learde en dat ek al yn Waling Dykstra, *Van Friesland's Volksleven út 1896* stiet. By Van der Kooi is it type nr. 1746 en falt it ûnder de kategory fan de riedsels (s. 327): 'Petrus zat bij het vuur, en Poepte. / Maar Petrus poepte niet, / Zoo onfatsoenlijk was Petrus niet. (Poepte is een jongensnaam).' Hy helle fierders farianten oan út Eastermar, it Frysktalige part fan Skylge en it Amelân. Dat sa'n rymke net Frysktalich is, is foar samlers mei in kultuerhistoaryske, folkskundige hâlding lykas Waling Dykstra (en Van der Kooi sels) folslein gjin probleem. Se nimme alles op wat him foardocht, Frysk en net-Frysk.

Omdat de samling út in folkskundich perspektyf wei oanlein is, is by it opnimmen ek net sjoen nei literêre kwaliteit of moreel gehalte - kreupelrimen en de faak tige populêre skabreuze rimen binne rom fertsjintwurdige -, mar benammen nei funksje (bgl. yn 'e sliep widzje, opfiede, leare, boartsje, pleagje) en doel- en dragersgroep (bgl. lytse bern). In fierder kritearium foar opnimmen hat de tradysje west. Sa steane der tongbrekkers yn dy't meastal gjin einrym, mar binnen- of stêfrym hawwe (bgl. nr. 0179 *Impe Pimpe Poepchinese*), of oare fêste teksten mei amper rymeleminten.

Van der Kooi beslút syn foaropwurd mei te ferwizen nei observearjend ûndersyk fan de folkskundige S.J. van der Molen yn 1960 en fan himsels yn it begjin fan de santiger jierren. It die doe bliken dat der by ôftelferskes (pofrymkes) en oare parten fan it bernespul gjin sprake wie fan fêsthâlden oan tradysje, mar krekt fan fernijing. Alhoewol't der noch in soad ferlykjend ûndersyk nei de skiednis en sprieding fan de rymkes nedich is, konkludearret er foarsichtich dat de Fryske rymkultuer in folle dynamysker aard liket te hawwen as de oant no ta oerhearskjende 'memory lane-benadering' (s. xiii) yn earste opslach tinken docht.

De edysje beslacht tweintich haadstikken, yndield neffens doel- en dragersgroep of ûnderwerp en funksje. De haadstikken binne wer ûnderferdield yn in tal paragrafen. Der binne fjouwer gruttere haadstikken dy't meiïnoar mear as de helte fan it boek útmeitsje: I. Rymkes foar lytse bern, V. Boartsje, XIII. De kalender, XVIII. Riedsels en aardichheden. Om in idee te jaan fan de rykdom fan it folksrym yn Fryslân, folget hjir in priuwke dêrút, te begjinnen mei nr. 0058.1, in knibbelferske yn it Stedfrysk, optekene yn 1908:

Din, din, doasje!  
 Japik pist yn 't hoasje,  
 Fen it hoasje yn de skoen,  
 Japik sal it niet weer doen.

Nr. 0268, in fernijend ôftelferske, yn Dokkum optekene yn 1972:

Donald Duckje,  
Zat op het krukje.  
Krak zei het krukje,  
Weg was Donald Duckje.

Nr. 1111, in rymke op Palmpeaske út de Stellingwerven:

Palm-palm-paosen,  
't haentien wil niet raozen,  
Geef hum gauw een stokkien brood,  
Aanders gaot et haontien dood.

Nr. 1543.2, in 19<sup>de</sup> ieusk riedsel op snie:

Hûndertûzen douwen  
Kamen 't lân delstouwen,  
Hja makken fen hjar eigen kape  
  
In lape,  
Sûnder nidle, sûnder trie(d);  
Ried eris, hwer't dy lape fen wier!

It boek beslút mei in wiidweidige bibliografy, in register op ynformanten en samlers en in register op plakken fan komôf. Sawol yn de bibliografy as yn de registers is by elk item oan 'e hân fan de typenûmers oanjûn hokker rymkes út hokker boarne of plak komme.

Der is gjin register op de folksrymkes sels. Wa't in beskaat rymke siket, moat te riede gean yn de wiidweidich opsette ynhâldsopjefte. Dêryn steane per haadstik en paragraaf de typenûmers mei in koarte oantsjutting fan it folksrymke.

De grutte fertsjinste fan dizze edysje leit yn de folsleinens fan it materiaal, alteast op dit momint. Van der Kooi hat eardere en resinte samlingen, yn it Frysk en net-Frysk, byinoar brocht en al dat materiaal rubrisearre. Hy hat boppedat sjen litten dat der noch hieltyd nije folksrymkes ûntsteane. Dat betsjut dat dit part fan de folkskultuer net in deade kultuer is, dat men faak konkludearje kin by it ynsjen fan folkskundige samlingen, mar in springlibbene.



## *Koen Zondag (2011)*

# Lange oanrin, koarte sprong. Twatalich ûnderwiis yn Fryslân tusken 1800 en 1980

Ljouwert: Afûk en Fryske Akademy

Peter van der Meer (Fryske Akademy)

Op 19 desimber 2009 krige Geart Vledder, âld-direkteur fan it Pedagogysk Advysburo, in eardere (digitale) ferzje fan dit boek oerlance, nammentlik de annotearre bibliografy (mei deselde titel) oer twatalich ûnderwiis yn Fryslân yn de jierren 1945-1970.

Sûnt syn beneaming yn 1969 as pedagogysk-didaktysk meiwurker oan it Pedagogysk Advysburo, hat Koen Zondag artikels en knipsels oer twatalich ûnderwiis sammele. Nei syn pensjonearring yn 1999 hat er besletten om wat mei dy samling te dwaan. Hy hat doe in grut tal titels fan boeken, brosjures, deiblêden en tydskriften byinoar swile. Om't dy titels net altyd genôch ynformaasje oer de ynhâld joegen, hat er by de measte titels in annotaasje skreaun. Zondag woe ek graach it ferbân yn en de ûntjouwning fan it twatalich ûnderwiis sjen litte.

It einresultaat is in kreas boek wurden oer it twatalich ûnderwiis yn Fryslân tusken 1800 en 1980, mei as titel *Lange oanrin, koarte sprong*. Dy titel hat er ûntliend oan de filosoof Cornelis Verhoeven, om oan te jaan dat it in soad ynspanning kostet om eat realisearje te kinnen, mar dat it resultaat faak minder is as hope en ferwachte wie. It boek mei de bibliografy fan Zondag is eins bedoeld as ferfolch op it boek gearstald troch M.K. Scholten, dat yn 1940 ophâldt: *Catalogus der Friesche taal en letterkunde en overige Friesche geschriften* (1941).

Yn 1950 waard yn Fryslân begûn mei njoggen proefskoallen, útkeazen troch de ûnderwiisynspeksje. Al rillegau waarden it twatalige skoallen: de Wet Cals fan 1955 makke it mooglik om it Frysk yn de earste trije klassen as fiertaal te brûken en as fak yn alle klassen fan it leger ûnderwiis. Yn 'e rin fan 'e jierren groeide it tal twatalige skoallen: fan 13 yn 1956 oant 84 yn 1965. Dêrnei naam it tal wer ôf, fan 79 skoallen yn 1969 oant 71 yn 1970.

Om 1970 hinne waard in grut tal skoallen fan twatalich wer ientalich, om't der gjin Frysktalige learkrêft yn de leechste klassen beneamd wurde koe, of om't de âlden harren soargen makken oer it nivo fan it Hollânsk fan 'e bern. Zondag hat in oersjoch makke fan 27 skoallen dy't op in stuit it twatalige systeem ynruile hawwe foar in ientalich ûnderwiissysteem. Hy jout dan benammen omtinken oan de lokale omstannichheden en

de persoanen en ynstânsjes (personeel en bestjoer), dy't mei dat proses anneks wiene. Neffens Zondag hawwe feroarings yn de taalkaart, fúzjes, wikselingen yn it personeel en de fraach nei de resultaten fan it Hollânsk in krusjale rol spile.

De digitale bibliografy sels telt no 720 titels, publisearre tusken 1945 en 1969, mar Koen Zondag is dwaande mei in oanfolling. De bibliografy is te finen op de webside fan Tresoar (<http://images.tresoar.nl/download/zondag-biblio.pdf>). Zondag hat keazen foar in gronologyske opset; binnen elk jier wurde de skriuwers alfabetysk neamd en foar elk jier hat er trije skiften oanholden: boeken, bondels en monografyen, dan de publikaasjes yn tydskriften en as lêste: publikaasjes yn deibleden.

Zondag syn boek jout in kreas oersjoch fan de skiednis fan it tastânkommen fan it twatalich ûnderwiis yn Fryslân nei de Twadde Wrâldoarloch, mei benammen omtinken foar de haadrolspilers: de ynstânsjes en de ûnderwiisminsken. It hat in hûdfol wurk west om de bibliografy gear te stallen, benammen om de publikaasjes yn de deiblêden byinoar te swyljen. It hat ek foar Koen Zondag sels in lange oanrin west, mar it hat ús yn alle gefallen in moai boek mei in tige brûkbere bibliografy oplevere! It is allinnich spitich dat der net oan tocht is om de bibliografy yn de foarm fan in CD oan it boek ta te heakjen.

